

woensdag, 09 november 2016 09:17


## We binne wer los!



Under rezjy fan Karel Adema út Stiens binne ús leden sûnt septimber mei in soat nije enerzjy alwer drok oan it repertearjen.

Karel hat foarich jier ek de rezjy yn hannen hân. Dit is fan beide kanten goed befallen en we hoopje dan ek dit jier wer in moai winterskoft te belibjen mei elkoar.





Oer it stik, "Swarte Grûn":

Oannimmer Sylstra fiert projekten út foar de oerheid. Hij nimt it net sa nau mei de wetjouwing en dêrom docht in miljeu-amtner ûndersyk nei syn hannelwyze. Op in kalde reïneftige jun krijt de famylje Sylstra besite fan in Jehova's Tsjûge. Letter dy nacht wurdt der ynbrutsen. Soe it iene mei it oare ferbân hâlde kinne?.....

It wurdt der foar Sylstra net better op as syn wurknimmer Willem, in wâldman, de saak ek noch yn de bulten jaget.

It is oan plysje-ynspekteur van der Meer om dizze saak op te lossen. Hy kriget hjirby help fan Renske Nijhuis, in sjoernaliste fan de Ljouwerter Krante.





















We mei lokkich krekt as foarich jier wer twa nije spilers wolkom hite. Rense-Jelte Bruinsma en Petra Fopma sille dit jier harren debút meitsje. Wy binne fansels tige wiis mei dizze twa oanwinsten. We hoopje dan ek dat se in soat wille belibje meie oan it toanielspyljen. En dat se harren gau thús fiele bij ús ferieniging.





Nijsgjirrich wurden?

**Kom dan op Sneon 28 jannewaris 2017 om 20.00 oere nei Skerne Wibe yn Ingelum.**

De kaartferkeap start yn jannewaris. Yn it jannewarisnûmer fan Doarp en Sport en fia [www.Engelum.com](http://www.Engelum.com) hearre jim noch fan ús by wie en wannear jim kaarten bestelle kinne.

Graach oant sjen op ús útfieringsjûn yn Ingelum!!

It bestjoer.